

# Mem

no sitst yn dyn tehûs	Bbm	Fm	
iensum, lyts en krom	C7	Fm	
mei dyn lapkemûs	Bbm	Fm	
en dyn ruften om	C7	Db7	C7
wurch fan it gedoch	Fm		
wachttesto, wat bang	Fm	C7	
de klok tikket mar troch	Bbm	Fm	
de tiid duorret sa lang	C7	Db7	C7
it húske op de foto	Ab	Eb7	
dêr wiesto bern en bliid	Db	Eb7	
gjin tiid om jong te wêzen	Db	Fm	
mar wol fol fjoer en striid	C7	Db7	C7

do sochst altyd de sinne  
mar fûnst gauris it skaad  
de pine waard yn't libben  
dyn fêste kammeraad

    as bern koene wy boartsje  
    en leare, wêrom net?  
    en al dy lytse bernsbern  
    slútst waarm yn dyn hert

ik koe net om dy hinne  
as bern doe by ús thús  
no sitsto hjir allinne  
ôfhinkelik fan ús

    it is dy net foarsein  
    hoe't it libben rinne kin  
    en no hast oan de ein  
    bist wer by it begjin

no sitst yn dyn tehûs  
iensum, lyts en krom  
mei dyn lapkemûs  
en dyn ruften om

    wurch fan it gedoch  
    wachttesto, wat bang  
    de klok tikket mar troch  
    de tiid duorret sa lang